

SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 41 Reglemint fan Oarder

Rjochte oan DS / lid DS	Poepjes Underwerp: Frysk yn de rjochtseal
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	Strafrjochtadvokaat Van der Goot bepleitet in rommer wetlik rjocht om Frysk te sprekken yn de rjochtseal bûten Fryslân (1). Hieltyd mear sjogge wy dat 'Fryske' saken mei Frysksprekkeende fertochten en/of tsjûgen fanwegen de ûnderwerpen ferwiisd wurde nei spesjalisearre rjochtbanken bûten Fryslân. It wetlik rjocht om it Frysk te brûken is no beheind ta it wurkgebiet fan de rjochtbank Noord-Nederland en it Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert (2).
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none">1. Kloppet dat bûten boppeneamd wurkgebiet allinne as immen him yn it Nederlânsk net goed uterje kin, in tolk oproppen wurdt? En sa ja: binne der rjochtlinen/hifkingskriteria wat ûnder "net goed uterje" ferstien wurdt?2. Binne jo it mei Van der Goot iens dat, om it Frysk yn de rjochtbank rommer brûke te kinnen, de wet feroare wurde moat ? Sjogge jo ek oare opsjes om itselde te berikken?3. Kin it kolleezje oanjaan hokker rol hja spylje kin en wol yn Den Haach, om dizze "mesk" yn de wet te tichtsjen?4. Kin it kolleezje oanjaan of de nije BFTK (3) noch romte jout foar ferbetteringen oangeande it brûken fan it Frysk yn de rjochtbank ?5. <ol style="list-style-type: none">a. Binne jo it mei de FNP iens, dat rjochtsaken dy't har yn Fryslân ôfspylje of dêr't meast ynwenners fan Fryslân by belutsen binne, yn it foarste plak yn Ljouwert behannele wurde moatte?b. Hoe sjogge jo yn dat ferbân oan tsjin de tendins fan hieltyd fierder geande spesjalisearre fan it rjocht nei ynstânsjes op oare plakken yn Nederlân?c. Hokker prikken hawwe jo op dit stuit yn it wurk om it earder taseine behâld fan Ljouwert as folweardige justysjestêd te bewurkmasterjen?
foar	<p>(1) LC, 23 maaie 2019</p> <p>(2) Wet Gebrûk Fryske Taal 2014, HST 3, kêsten 10-17</p> <p>(3) Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2019-2023, HST 3</p>

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP, Corlienke de Jong
---------------	---

Datum	24 maaie 2019
-------	---------------